

160 ff 7

20
m

Rubberij beskamme

EN

WOLDWAEN BELEANE.

TOANEELSTIKJE

in twa uitkomsten.

[T. E. Holtrop]

Oarde Printinge.



FREANTSJER,
T. TELENG A.

160 pg 7

30
w

Rabberij beskamme

EN

WOLDWAEN BELEANE.

TOANEELSTIKJE


in twa uitkomsten.

[J. E. Holtrop]

Oerde Printinge.



FREANTSJER,
T. TELENGA.



160. F. 7⁷

RABBERIJ BESKAMME

EN

WOLDWAEN BELEANE.

Toaneelstikje ïn twa útkomsten.

Even zoo zeker als eene zichtbare voorstelling machtiger werkt dan een dood verhaal of eene koude vertelling, even zoo zeker brengt ook het schouwtooneel dieper indruk te weeg, dan moraal en wet.

SCHILLER.

Oarde printinge.

FREANTSJER,
T. T E L E N G A.



Lânsliu !

Eltse fûgel siongt nei 't er bekt is, seit in ald sprek-wird. Ik hoopje dat jimme dêr om tinke scille by it lês-en fen de folgende blêdden. Mocht it by jimme mar gjin salsk siongen wêse, hwet ik hier sa op 't papier brocht ha, mar dat jimme by it lês-en en it opfieren fen dit stikje dêr fen like folle wille ha meye, as se by ûzers dêr fen hawn ha, dat winsket jimme

*Menaem,
October 1864.*

De Skriuer.

PERSONEN:

PIETER, in boer.
TRIN, sijn wiif.
KLASKE, hiar dochter.
ROMMERT, in keapman.
WIMKJE, sijn dochter.
LIEUE, in marserenner.
KNILLISKE, in bôlrenster.
WILLEM,
KLAES, } séliu.

De earste útkomste spilet oan hûs fen 'e boer
De twade útkomste oan hûs fen Rommert.



RABBERIJ BESKAMME

EN

WOLDWAEN BELEANE.

Toaneelstikje ïn twa útkomsten.

Earste útkomste.

EARSTE TOANEEL.

TRIN en KNILLISKE. (*De lêste stiet mei de bôllekoeren, it jûk oer de skouders, soar de boerinne to laitsen.*)

TRIN.

Né, Knilliske ju, hald dêr fen op, do scoest mei din merakels immen in bult laitse litte.

KNILLISKE.

Nou, scoe men yen den net ris formeitse meye? It is lik as ik sei, in nûver pear. Hia de dochter fen ûs alde skûteboer, en hy in rike boer; it seil my ris lêste, ho as hja maye draeye en swaeye scil, (*mei in sucht*). Och wy liu scille it wol wîs wirde: dy fen neat komt ta eat, is allemans fortriet, lik as it sprekwird seit.

Mar mat de vrou gjin moaye tryestûrtse bôlle fen my ha, (*hia nimt ien út 'e koer*), siuch ris hwet in moayen, dêr sit flecht ïn, lik as ûs domnyske seit, en didse is ek neat net

daeyich Ja, der benne de greate liu danich op tsjin. As it ris in enkelde kear bart, dat ik mei daeyich goed by jiffrou Koars kom, den wit ik fen bûten wol dat hia seit: „Fy Kniliske, jou goed is sa daeyich men scoe er pillen fen draeye kenne, om baes sîn glêsen er mei ïn to smiten.”

TRÎN.

Ik leau der het jiffrou wol gelîk oan, en as baes net tige sîn bêst docht om moai en gôed trochbakken goed to forkeapjen, den scoe er sîn eigen glêsen wol ris însmite kenne. Mar (*wîlst hia de bolle oannimt*) dit liket yet al in béstien, kom, dy mat ik mar ha. Ha jy ek fen in fyfke wêrom?

KNILLISKE. (*Hia siucht hiar jild nei*)

Né, frou, mar kom nim foar dat dûbeltsje hwet boltsjes as twiebakken.

TRÎN.

Abslût net, min leare is om it hea net oer 'e stâl to struyen. Den hald ik it mar oan dy to goede, hwent in stûrke bisparre is in stûrke woun, en hwet men onnedich keapet is altiid to diûr.

KNILLISKE.

Ja, frou, it is lîk as jy sidse, as men sa mar hwet mear tochte, it scoe by fallen ek wol hwet rommer omkomme; mar liu, to lits foar in skûteldôek, wolle tsjinvirdich foar in dweil omslach jaen. Ha jy it al heard fen Rommert Skrep, sîn spiltsje liket er mar skeef foar to stean, de doarwaerders renne him it hûs fen 't sté, sa 't de liu sidse. Nou, en dat 'n man dy sa 'n swé slacht, dy forliden jier sîn soannen in gouden horloasje mei kjetting en singnetten op 'e bûse jown het, en sîn dochter in breed gouden eariser; hier is gjin boerinne dy sa 'n striker op het.

TRÎN.

Fy, hald dêr fen op; (*nidich*) hwa het jou dat wîs makke.

KNILLISKE. (*Forwonderd.*)

Wîs makke? hwet wîsmakke. It is siker sonk wier. Lieue

mei de marse het my fen 'e moarn yet mei alle kleuren en fleuren forhelle, ho as er jister yet by hiarres wêst hie mei 'n wikseltsje fen Amsterdam, mar dat er gjin reade cent krye koe Ja, ja, hége klieuers falle leech.

TRIN.

It is net moochlik, ik leau er neat fen.

KNILLISKE.

Onmoochlik sidse jy, vrou: so, en seit it sprekwird den net, dat dy fierder springe wol as sijn pols lang is, in 'e sleat falt. En ein dy him sels bidrippe ken, het genôch fet, mar it ging by hiarres krekt as er gjin ein to kryen wie, ôf as 't net op koe.

It wier net moai genôch dat keapman Rommert gôede sakken die, hy waerd lid fen alle selskippen, ja . . . moast lid fen 'e rie wirde. Bisitsje en ûtgean wieren de gefolgen dêr fen. It scil him opbrekke as 'n houn it spek. En wier it hier yet mar by blieun, mar né, hy moast as foarsitter fen hwa wit hwet for selskip, in smoarge bidlers jonge fen 'e striette opnimme, dy er op sijn kosten leare liet, en nei de séfeartkindige skoalle, dêr se ta stûrman leare, stiûrd het. Hwet tank het de man dêr foar, it het him hânnen fol jild koste, en Klaes is nou sont fiif jier wei, sounder dat immen wit wêr as er bedarre is.

TRIN. (*Spítich.*)

En it is den net goed, dat liu dy it wêse kenne, earme bern leare litte? As men in houn reitse wol, is er altiid wol in stien to finen.

KNILLISKE.

Ja, mar vrou, jy sidse, liu dy it wêse kenne, mar immen dy it wetter sa nei oan 'e tosken stiet, as Rommert nou, dy moast him fen sokke dingen ôfsette, dy het genôch wirk om sijn eigen lading gôed oan 'e wâl to bringen.

TRIN.

Fy Knilliske, jy liikje it op Rommert forsioen to habben,

tink er om, twisken praetsjes en wierheid is in great onderskied.

KNILLISKE.

Nou, it is lik as de priester sei, it gelove ken ik jou net jaen, mar de tiid seil 't leare, en de útkomste it biwîse, lik as ûs skroar seit Mar kom ik mat er ût, ik scoe wrîchtich mìn tiid hier moai forjeuselje.

TRÎN (*warshouend*)

Bileaven preat er dôch nearne net oer, it quea giet onaris foart as 'n barnend flur.

KNILLISKE.

Nou, dat is fen sels, hwet mien je dat ik sa mar elts en ien it oan 'e noas hingje seil. Fy né, en jy matte my foaral onthiette, dat jy er ek gjin trommen fen slaen scille. Ik wol er al heel en al gjin wird fen ha, dat ik it jo sein ha. Mar siuch je, in fortrouen seit men wol ris hwet. (*Hia nimt de bôllekoeren wér op*). Nou, dag vrou.

TRÎN.

Dag Knilliske.

OARDE TOANEEL

TRÎN. (*Allenne, hia berget de bôlle en giet aan 't breidsjen.*)

Dy praetsjes, dy praetsjes! Och hwet falt it maklik immen sîn crediet te ontnimmen en yens goede dieden in in forkeard liocht to setten. Ik ha jister op kreambisite by Domeny's der ek al fen heard, en er hird tsjin inlein, mar alles ôm 'e noct. It quea fen in oar het folle makliker paed nei it menskelik hert as it goede, en is er ien lits plakje op yen to finen, den komme de lekken en brekken fen alle kanten opsetten, lik as de hantsjemieren in 'e ongetiid Ja it giet mei de praetsjes lik oars om as it sprekwird seit, dat folle baergen aan 'e trôch

de spelting tin meitse. Troch praetsjes wirdt in lits stot-reintsje in tongerbui. Us dokter seit, de mensken benne lik as de baergen, lûkt men hiar oan de efterste poat den renne se foarût, en slacht men hiar goed foar de kop, den renne se tobek. Nou, dat sissen lit ik foar it jinge it is, mar dat in hopen mensken lik oars om benne as dat hia wêse matte, sjen dêr, dat stiet by my fêst. As scoene wy net better to wirk gean, as wy safolle it goede fen in oar acht slôechen, as wy nou it queade dogge.

Mar ik leau dat Pieter dêr oan komt, moochlik het hy der ek fen heard. Kom, gau de koffytafel ré, den kenne wy er op ûs gemak ris oer prate (*hia ropt om 'e doar*): Klaske! kom fanke, wy scille koffydrinke, nimst hwet reame mei.

KLASKE (*seit efter de skermen.*)

Ja mem, ik kom al. (*Hia komt siongende op it toaneel rennen*).

Wês in 't oardeel net lichtfeardich,
Dy 't sels strûkelt, kear op kear!
Tink: hwet fonnis ben ik wirdich?
Ear 'k in oar it lexumlear. (*bis.*)

Lit de skropper mar stil lidse,
Skrob din eigen quea: dat 's plicht;
Foar de riuchtbank fen 't gewisse,
Weacht din eigen deuchd to licht. (*bis.*)

Lit in oar fry in sin wêsen,
Elk het wis sin unk en smert.
't Is foar nimmens holl' to lêsen,
Hwet er omgiet in sin hert. (*bis.*)

God allenne kan de roerpin,
Fen elks libben en elks dwaen.

Lit ûs dêrom sonder tsjinsin
 't Each op 'n oarmans dieden slaen. (*bis.*)

TREADE TOANEEL.

TRÎN en KLASKE.

TRÎN.

Kom dou bist yet goed fleurich, fanke, sa mei 'k it heare.
 Ik sis altiid in goede preek en meai siongen, likje in bulte
 op 'n oar. Beide kenne ûs ta in better libben bringe. En
 like goed as de fûgeltsjes troch hiar tsjilpen en fluitsjen fen
 it Heechbistiûr fortelle, sa goed het de menske ek in stemme
 krike, der 't er net allenne mei sprekke ken, mar dêr 't er ek
 mei sionge mei ta eare fen ûs Lieavenhear.

Ik ben mei liif en siel foar it siongen, en 'k hie dêr in
 mîn jonge jieren ek tige mei op, hwent it is lik as ûs master
 seit: ondogense en nidiche liu sionge net.

KLASKE.

Krekt, nou sprekt mem riucht nei mîn sin. Us master haldt
 ek folle fen siongen, hy skrept en skoert alles by 'n oar om
 ûs siongeselskip foarût to helpen. Sionge, seit er, is in bi-
 wiis dat hert en siel soun benne, en as dy soun benne, is in
 menske net quea.

FIERDE TOANEEL.

De foarigen, PIETER.

PIETER. (*Hy komt op wils 't Klaske
 yet sprekt.*)

Heste 't al wer oer de siongery, (*hy skodhollet*). Nou ik
 wit er net fen, mar in mîn jongheid wisten de liu fen soks

neat ôf, en wy benne er ek al komd, mar tsjinwirdich mat it mar oars, men ken er gjin kop noch stirt mear aan fine, ik ben er glêd in wei. En wier it nou yet mar allenne mei it siongen to kryen, mar, is 't sa mei 't iene, it is sûver it selde mei 't oare Om mar ris hwet to neamen: In mîn jonge jieren droegen de frouliu fîskaf en bokkebaeyen rokken, mar kom nou ris, drukt katoen is yet net moai genôch om sneins mei nei tsjerke to gean, der mat sîde komme. En den (*hy suchtet*) dy hoepelrokken, it is my jandorie gau sa fier dat men net mear mei yens eigen wiif in 'e sjeas ken, ôf yens kûten wirde alhiel torbûchd.

KLASKE. (*Hia laket.*)

Ja it is wol lik as it sangkje seit. (*Hia siongt*):

Wat meisjes voor meisjes zijn,

't Is om te klagen. (*bis.*)

Voorheen gingen zes secuur in een wagen,
Maar thans is zoo 'n rijtuig voor vier man te klein,
Het moet wel een omnibus voor twaalf man zijn.

TRIN.

Fy fanke, siuchste net dat heit de holle lang net stiet, om nei dîn sangkjes to hearen.

KLASKE.

Ja mem, mar mei dy hoepelrokken der heit fen spriek, ben ik it lang net mei him iens, en de measte mânliau mei my. Hia dogge wol oer it algemien der in steil wird oer, dat men tinke scoe, hia benne er banger foar as foar forsûpen; mar ik wol wedsje, as wy se net mear droegen, den scoene de mânliau us gau de namme jaen fen „sloppe lisen.” Heit nimt it my ommers ek net quea, it is mar in grapke.

PIETER

Dy 't quea nimt is in dief, en oer in grapke, ja dèr mei ik wol oer. Dou kenste my fakernôch de swiere tongerbuyen dy my boppe de holle drieue, in sefte simmerrein foroarje.

Mar hioed stiet my de holle der lang net nei om folle to maljeyen. It hert is my lik aste niis oanhelleste, wol soun, mar de siel dat het er wol oan. Dér sit my hwet dwars foar de mage.

TRÎN.

Ho nou Pieter, hwet skoart er oan? Hest pîn ïn 't liif?

PIETER (*noartsk.*)

Hwet pîn ïn 't liif.

TRÎN.

Sprek den op, leit er dy hwet op it hert? Jy witte it wiif het riucht om it swiete en sûre mei de man, dér hia hiar oan oerjown het, to dragen. En foar ûs dochter hoefste neat to swyen.

PIETER.

Dat it geheimen benne, dy my sa ût it roer brocht ha, né vrou, dy ha ik foar dy net. Gjin ongelokkiger houlik as dêr wêr man en wiif net mei iepen kaert foar elkoar spilje, (*hy wirdt nidiger*). Mar as men safolle to dragen krîget, dat men dêr bykans onder delsiget, benne er den gjin reden, dat men eang foar alle mallichheid wirdt. Mar siuch, ik wol aenstonds fen 'e seine dy ik ha om in goed wiif to bisitten, gebrûk meitse. De liu ha troch hiar gejeusel, gelig en gepraet my mîn wille ontnomd.

TRÎN.

Hwet is der nou op til, (*ter siden*) de aep scil wol ût 'e moue komme. Hy het siker fen Rommert heard (*tsjin Pieter*) Jy sprekke onforsteanber, ha de liu ûs by de holle hawn, dat de flarden der nei stouwe.

PIETER.

Us, né, dat mocht yet hinne bruye, rabjen ken my gjin skea dwaen, tinkt my en ik hald my oan it jinge domeny oan Gabe Skroar sei: „Doch dîn plicht en lit de liu rabje.” Mar (*hy wirdt geandeweï lilker*) dat se in man lik as keap-

man Rommert op 'e tromme nimme, en him ûtklaeye, dat er gjin stik heel oan him blieut, dat . . . dat makket my mîn bloed oan 't sieden, den . . .

KLASKE.

Och heit; jou kenne dêr ommers neat tsjin dwaen, dat s' oer ús keapman Rommert prate, lîk as stiene sîn saken net to goed. Dat praetsje scil fen sels wol útstearre.

PIETER.

Dér ha ik gjin noed mei, mar ik wit net hwet de liu wolle mei in man as Rommert sa sîn goede namme en krediet to ontstellen, hwent soks is yet helte minder as stellen. Foar in dief slût men doarren en fensters, mar foar de laster ken men dit net. In dief wirdt onder 'e layen pannen to Lieauerd set, mar in liger rent fry. My tochte in man as keapman Rommert scoe 'n de liu ût ús dorp as op hânnen drage.

KLASKE.

Ofginst, heit, pûre ofginst, en lîk as ús domeny seit, in profeet is ïn sîn eigen lân net eard.

TRÎN.

En bûten dat benne er altiid mensken dy noct hant ha om allerde teltsjes ïn it liocht to jaen, en 't is dêrmei lîk as Master Abe ús lêsten forhelle, do er fen de reis nei Switserlân wêrom kaem, fen de sniefal, ôf lîk as hy it neamde in snielawimes.

KLASKE. (*Hia laeket.*)

Fy! mem mat gjin ûtheemske worden brûke! Master sei net, snielawimes, mar snielawine, fy, fy.

TRÎN. (*Hwet koart.*)

Gnískest dîn mem ût?

KLASKE.

Dat net, mem, stiet er net skrieun: „Eert uwen vader en uwe moeder, opdat het u wel ga'? Mar ik mast laitse om dy snielawimes

TRIN.

It docht neat ta de saek, ik woe mar sidse dat sa 'n ding
earst in lits tropke snie is, en al niunkelitsen in krompe goed
wirdt, dêr in dorp onder bidobbe rekket.

PIETER.

Ja, as Keapman der ek mar net onder bidobbe wirdt, hwent
de namme fen in keapman is him like goed as jild.

TRIN.

Nou, dat meye je nou sidse, mar ik scoe miene Pieter dat
men in it deistich libben in eintsje fierder mei it jild komt.

KLASKE.

En ik leau dat it algemien ek mear nei it jild siucht, as
nei in goede namme. Mei it jild ken men alles en in keap-
man, al het er yet sa 'n goede namme, scil gjin saken dwaen
as er gjin jild het.

Net dat ik yens goede namme foar gjin kostlike skat hald,
heger in wearde as pongen fol riksdaelders, mar men ken mei
dat roune goed sa 'n bulte krye, folle mear as mei it earste.
Hark mar ris hwet se dêr fen op 'e merken sionge. (*Hia siongt.*)

Hoe menig hoog geplaatst persoontje

Soms wel een domme ezelskop.

Klom toch voor een niet karig loontje,

De berg van zijne grootheid op.

't Is niet de grootheid van zijn ziel.

Neen vaders spaarpot smeerde 't wiel. (*bis.*)

Als maar een spaarpot u adsisteert

Dan rolt de wagen als gesmeerd.

(*Hia forfolget*). Jild jowt us net allenne oansjen, eare,
mar sels hwet men miene scoe dat gjin handelbare waer wie,
it jowt us frieunskip. Ja it is dêr mei lik as Jan Walstra
siongt. (*Hia siongt.*)

It jild, it jild men mat it ha

Oars is men gau yens frieunskip ba.

Om it jild wirdt men eard. (*bis.*)
En oars telt men yen neat.

PIETER

Ik scoe it dy tastemme famke, mar ien ding mat ik dêr tsjin ïnlidse. It jild allenne ken ûs it wiere lok net oanbringe. Hoe en hwet, siuch dat ken ik sa net sidse, mar er benne ienfaldige earme liu, dy bodsje matte om hiar deistich brea, en dy dôch mear wille ïn 'e wrald ha, as in bulte dy ïn hiar jild biskûl kenne. En as ik dat bisjen, den liedt my soks ta de ûtkomste, dat men nei it bosit fen ierdske skatten it lok fen mensken net ôfmiette ken.

TRIN.

En lik as ûs dokter lêsten op it Nut in fêrs fen Tollens foarlies, dêr ïn stie, dat men nei de gevels fen de hûsen it lok dêr ïn net skatte moast.

KLASKE.

En dôchs de learde liu meye it ûtkrite foar it slîk fen 'e ierde, it jild ken ûs riu wille jaen.

PIETER.

Wol wis en wrachtich ken it dat, as men er mar it riuchte gebrûk fen meitse wol. Mar kom ris by in bulte rike skevels, en freegje hiar, as hia er hwet foar oer ha, om lik as keapman Rommert dat oan Klaes dien het, in earme jonge fen 'e dîk op to nimmen, om in bidler leare to litten dat eigen brea boppe alles giet. Hia benne leden fen alle sellskippen en commissie's, mar dy komme hiar net ïn 'e bûse, en it klinkt fier, as it ïn 'e krante stiet, dat dy en dy genegeen benne, om de jeften foar dit ôf dat ongelokkich hûsgesin to ontfangen. Dér benne ûtsonderingen, mar in hopen, ja de measten, jowe leaver in de fierte as tichte by, en tinke er net om, dat hier yet genôch to skrobben is.

TRIN.

Ja mar Pieter, lieau mei my, in hopen dogge dêr net oan

omdat men mar to inkeld dêr goede fruchten fen ploitse
mei. Tink mar ris oan Klaes, in gjin siif jier het immen,
sels sìn woldwaender net, hwet fen him heard.

PIETER.

Ik ken it my net in it sin bringe, mar Klaske, dou seit
dat fêrske wel witte fen

KLASKE. (*Hja falt Pieter in 'e reden.*)

O ! dat fen Bilderdîk mient heit ? Ja dat ken ik wol :

Werp u weldaân in den vloed,
Met een ongeroerd gemoed.
Dankt u 't stomme vischje niet,
Er leeft een God die alles ziet.

PIETER.

Ja, Klaske, en bûten dat, ik ken Klaes to goed, om net to
tinken dat er iekear wêrom komme scil. Mar hwet ken him
as séman net in 'e wei stean.

TRIN.

Hy blieut my nou dôchs mar in ienen to lang wei.

KLASKE.

As er libben en soun is, komt er grif ienkear wer nei sîn
heitelân, dêr hy sa faken fen song. (*Hia siongt.*)

'k Forjiet dy net, né seoe ik dy forjiette,
Mîn Frîslân, dou mîn heitelân,
Al moast ik dy ek jieren lang forlitte,
'k Forjiet dy net. (bis.)

'k Forjiet dy net, né Frîslân dy forjiette,
Dat ken 'k allenn' in 't tsiustre grêf,
Wêr dat it lot my ek mei hinne sjiete,
'k Forjiet dy net. (bis.)

PIETER.

Ja Klaske, dêr scoe ik mîn kop wol ounder forwedsje doare.

TRÎN.

Nou Pieter, ik help it dy winskjen, en siuch, dat Klaske it winsket, dat witte wy beide goedernôch.

KLASKE.

Heden wêr tinke jimme oan, hwet mient mem dêr mei.

TRÎN.

Ja ja, hald dy mar dom, der is gjin slimmer doaf as Eas-tînje's doaf.

KLASKE.

Nou, dêr ken ik net by, dat giet mîn forstân to boppe, en ik gean dus mar, lik as Jan Tromslaender seit, mei stille trommen ôf. Ik seil mîn wirk in de koken mar ris opsiikje.

FIIFDE TOANEEL

TRÎN en PIETER.

TRÎN. (*Hia ropt Klaske, wils 't didse ofgiet, esternei*)

Klaske, tink er om, in it sieden fen 'e brei en it bolderjen fen 'e sé is onderskied, tink net to folle om Klaes, wils 't op 'e brei passe moast, hia mocht ris oanbarne.

PIETER. (*Hy laket.*

Nou, den wieren er twa oanbarnden by 'n oar.

(*Men heart wilst ester de skermen.*)

LIEUE (*tsjin Klaske.*)

Dag Klaske, benne heit en mem in 'e hûs ?

KLASKE.

Ja, Lieue, hia benne in 'e keamer, gean mar in.

SEXTE TOANEEL.

De foarigen en LIEUE.

LIEUE (*Mei in marse op 'e rech,
dy er ofset en iepent.*)

Dag boer en boerrinne, yet soun sont forline wike.

PIETER.

Ja, dat giet wol Lieue, ik hab it hwet mei de trêddeis
tsjinst to kryen, mar sa lang ik net op bêd lidse mat, mei
dat yet hinne bruye.

LIEUE.

Ek al mei de koarts to kryen, fy sa 'n tiid, men komt mar
nearne net, as it is oer de koarts, krekt as in 'e slagttiid oer
de baergen. It is mar in moai spiltsje foar de dokters. Dy
ha tsjinwirdich de saun vette jierren en meye wol sidse dat
hiar wein op in sâンwei riidt, dêr komt gjin hoart in. Ik mat
sidse ik ha by hiar in houn gîselen sioen, sont ik forliene
jier dêr in groue tritich goune formastere ha. Ik keap nou
pillen ût 'e stêd, hwent ik leau dit mar grif dat soks it
ienigste is dêr de koarts foar stiet. Ik ha it op allerhande
bûgen bitocht. Alle dagen fierlich drippen Haerlemmer olie,
om 'e nocth, do dei's acht glêsen brandewîn op Berenbirger
krûden, moarns in it nochteren fliuer, en jouns by it nei bêd
gean fliuer, mar dêr hast altiid dronken fen, en gjin help
foar de koarts. Ek ha ik moarns in it nochteren in ai mei
in leppeltsje pîper en in heal leppeltsje sûker in in romer
jenever innomd, mar al wêr mis. Do de drippen fen Espinasse,
allegeare larie boer, ik waerd skoan ten ein, mar bisocht it
yet ris mei Laway sîn pillen en salve, en dêr waerd ik sa
slop fen as in skûteldôek en krige yet slimmer de koarts. Men
ken dus wol tinke dat ik in bulte middels innomd ha, mar

ik ha it onderfoun it is mar gekheid dêrmei, in pûre jildôf-settery. Nou, tsjinwirdich helje ik de koartspullen ût 'e stêd en ben sa soun as in fisk.

PIETER.

Ik wol graech lieue dat al dy middels dy neat holpen ha, mar Lieue, dat jy dêr sa op 'e dokters ûtgean benne dat sinnigt my neat. Mar sa giet it faken. „Ondank is 's werelds loon“ seit ûs notaris. Is in minske heal dea den gûlt er moard en brân as de dokter nei sîn sin net gau er noch komt, en het de man him foar de dea biwarre, en komt er mei de rekken den wirdt er ûtflokt en forkettere op 'e heap ta.

Né, ik bitelje dy mensken sonder gnoarjen it jild dat hia oan my fortsienne ha, hwent ïn soune dagen is yen de siikte forgotten, en de kinst mat bitelle wirde.

LIEUE.

Nou boer, elk sîn sin, sei mîn beppe, en hia iet in plattekoek. Mar mat de frou ek hwet fen my ha? Fen dy bêste thé?

TRÎN.

Né, Lieue, jou thé fen lêsten het my tîge min foldien. Der waerd danich op 'e kreambisite by domenske oer klage, dat as jy gjin oare habbe, den mat ik er oars ïn forsjen.

LIEUE.

It ken wier wêse frou, mar de thé, dy ik nou ha, der wirdt hier ïn it dorp gjin better dronken, ik kry se fen keapman Lavarus, en jy kenne er op oan, it is fen 'e earste soarte.

PIETER.

Heden ha jy net foar keapman Rommert roun, ho haw ik it nou mei dy?

LIEUE.

Hear jy dêr sa ny sen op, jy siugge lik as hearden jy it in Keulen tongerjen. Ik ha mîn measte tiid foar Rommert roun, hwent jy scille it ek wol heard ha, Rommert's saken benne forkeard, sitte earsliig, en mîn pake sei: „jonge tink

er om, gean mei gjin kaptein it ségat út, dy gjin goede stiûrman oan boart het."

TRÎN.

Den jowe jy ek al acht op dat rabjen?

LIEUE.

Rabjen? sidse jou vrou, rabjen? ei, en as ik jou den sids dat ik jister by him west ha mei in wixeltje en hy my dat net bitelje koe; dat mei in wike twa treye de boelgoedstafel wol by him foar de doar stean scil, hwet tinkt jo den fen dat rabjen? Ja, ja, is it allegearre gjin goud hwet er blinkt. It komt my neat net onforwachts oer. Keapman bemoeide him mei to folle saken dy him net oangongen, hy hie lik as nou al útkomt, genôch oan him sels.

PIETER

Lieu, Lieue, it komt wrachting al út lik as ik er al noed mei hie, dou falst my ellendig ôf. Ik leau men mat dy neame ounder it folk dêr men fen seit: „Rûkt it nei brei, hia benne der by, mar is it groat of earte, den wolle hia dêr gjin tosk op sette.” Moasten jy keapman de hân net boppe de holle halde? It het folle fen it hinder, dy, do er de krêbbe leech hie, him omsmiet. As heste oan keapman Rommert din opkomste net to tankjen.

LIEUE.

Dêr het hy sîn jild oan fortsiene.

TRÎN.

Tocht ik it net, der scoe Lieuwe it wol hinne draeye, hy het in gelove fen: „God zij met ons.” Mar is soks nou it lean foar alle woldieden dy keapman oan jou biwesen het, dat jou oan elts en ien sîn unk bekend meitse, ja in sîn fal yet noct en wille smeitse. It scoe dy fry hwet moayer stean nou oeral sîn wâl op to halden. Mar it giet dy lik as bisten, dy as hia great benne,piar alden, dy piar sa fier brocht ha dêr hia alles oan to tankjen ha, forgitte.

LIEUWE (*sen siden.*)

To deale, dêr wirdt hier oppreeke, der seil fen forkeapjen neat mear ïn komme, wier ik er mar mei skik ût, (*tsjin Pieter en Trin*). Jimme fetsje it fiers to eang op, sa quea miende ik it net. Mar mat de boer ek tabak ha.

PIETER (*quea.*)

Né, Lieue, neat mear sen dy, it is de lêste kear, dat jy hier komme, om hwet to forkeapjen. As ik ontankbre mensken siuch, wol min leave tiid, den ha hia net by my binnen 'e doaren to kommen, dêr benne bûten dat al genôch.

LIEUWE (*flaijend.*)

Fy boer, dat miene jy dôch net, jou wirde quea.

PIETER (*hy wirdt geandeweit nidiger.*)

Gjin praetsjes mear fen dy, ik mei dy foar min eagen net mear sjen, gean der mar ût, dêr is 't gat sen 'e doar.

LIEUE (*hy is beusish om de marse wer op te nimmen.*)

Mar . . .

PIETER (*al nidiger en nidiger.*)

Gjin marren mear, der ût sids ik dy.

LIEUWE.

Ik scil der wol ûtgearn, mar och hwet ik freegje mei.

PIETER.

Biste der hast ût heite?

LIEUWE (*in it ofgean.*)

Dag jimme (*sen siden.*) As hier de kat de kearse mar net likket om it smoar.

SAUNDE TOANEEL.

PIETER en TRIN.

TRIN.

Jy worden noartsk, Pieter.

PIETER.

Nou scoe men net, fy sa 'n gemiene kerel ! Smit in houn
in bonke foor, en hy kwispelt om yen hiene, hwet mat men
den fen sokke minsken tinke ?

TRÎN

Dy praetsjes en dat gerabbel scit jou heeg, mar siuch de
tiid scil it leare hwet er sen al dat gejeusel oan is, en leau
dit mei my, dat it rēd fen in geande moule better tsjin to
halden is, den de rabbeltōnge fen 'e mensken.

It gordin falt.

Ein sen de earste âtkomste

Oarde útkomste.

EARSTE TOANEEL.

ROMMERT (*allenne, hy rent de keamer op en del dêr stiet in stoel by de tafel wearop in rest boeken, pompier pinnen en inket.*)

Dat is om yens forstân to forliesen. Dat rekkent en dochtsa'n gânske dei, en ho as ik it ek set, iewich ien to kort. Dat crediet! dat crediet! o, hwet seoe men fen mannich keapman in lofsang siongen heare as dat crediet de nekke britsen waerd. Ik alteast, ik ha er onfoeg it grou op. It mei foar de handeler ïn it great in moai en eanlokkelik bïld wêse, mar foar ûs liu is it de dea. It is dêr krekt mei as mei de mode, de greate liu kenne hiar dêr ïn jaen, mar as de borger him dêr to tolle mei bimoeit den giet er folgens de mode falliet en wirdt bakker ôf. Ik ha it faekernôch aan Wimkje sein, it borgjen is foar ûs liu de pest, folle slimmer as de cholera, het it ienris fet op ûs, den wirdt it geandewei minder en ïn it eintsje bislút, den komt it selde crediet en bliest it teltsje út, lik as ïn it berneteltsje de kat mei de wite snût it sprookje docht. Ja, Waling Dijkstra hie it by 't riuchte ein do er skrieau:

Mar mat de lítse handwirksmau,
It somtiids slûpe litte,
Den balt de heele wrald er fen
Ho raer sîn dingen sitte,
Hia klaye 'm op sîn himd ôf út,
Dy lang al stil him ronpen
Mar net as sa 'n foarnaeme gût,
Komt hy wer op 'e proppen.
O! Jan crediet! dou dieste 't him,
Dou makkest ûs it fier to slim.

Habbe de liu nou troch hiar borgjen ûs skip op strân set, den werde wy foar onforsichtige roekelooze stiûrlieu útkriten en nimmen siucht mear nei ûs om.

Dat men dêr noait alheel bûten koe, siuch dat wist ik aenstonds wol do ik mei de winkelnegoasje bigoun. Dêr benne in hopen arbeidersliu dy in 'e wike helje en snieuns bitelje, wils 't hia den hiar fortsienne lean barre. Liu dy winters op 'e pof helje, en ûs simmers ôfdwaen, om dat hia in 'e winter hast gjin droech brea mei arbeidsjen krye kenne, siuch dat ik sokken borgje moast dêr hie ik my op klear makke, mar och, as ik mîn boeken ris neisiûch, nimmen scoe it tinke kenne, hwet rîgle liu dêr in steane dy it folle rommer habbe as ik. It liket mode to wirden de nearingdwaende man op sîn jild wachtsje to litten, hwent komt men om it jinge yen earlik takomt to moanjen, den is poeske it each ût, en it wirdt as it op sîn moaist bislacht yen tatelle as wie men in ôfsetter.

Dat men op yens tiid ek bitelje mat dêr tinke dy liu net om; keapman ken wol hwet wachtsje, hy fortsiennet genôch oan ûs, tinke hia, mar hia miene net dat hia mei al dat wachtsjen yen in 'e groun bore. It kleare biwiis ha 'k oan my sels. Mîn oanwinst wie om altiid mei ré jild to handeljen, keapje en bitelje, dat wie my hiem. Mar mei al dat boargjen moast ik my dêr ôf sette en moast ek op crediet keapje. O, dat wie neat, sei mînhear Toyer! dêr ik mîn spil fen krige, dat koe bêst wirde, hy scoe my wol akkréditeare, lik as er it neamt. Mar al dy frânske poespas brekt my op as de houn it spek. Ten earsten gong it moai. Mînhear stiûrde mar in wixeltsje en dat waerd mei de tiid bitelle, howol dat soks er hoe langer hoe swierder inhong. It wie as de tarring,meye dêr al sinneblinkjes komme, al niunkelitsen wirdt it ligchem ondermîne, it wirdt swakker en siekliker, einlings sakket it in 'n oar en steart. Soks hinget min keapmanskip ek boppe de holle, mei in wîke ha ik in wijsel to wachtsjen fen in groue

500 goune en wèr ik it jild weiskoere scil, ik wit it net. (*Hij giet nei de tafel en set him 'e stoel del.*) Kom, yet ienris mîn saken in alle bidaerdens oersjoen om to sjen as er net in wei to finen is om foar de fûke dy it crediet my set goed wei to sîlen. (*Hy ûtinkt him huet en stiet dérnei wer op.*) To deale dat my soks net earder in it sin komd is! Wêrom scoe ik er net ris mei mîn freun Pieter oer riepleage, twa witte altiid mear as ien . . . Ja, ja, dat mat wêse. Wim! Wim ju!

WIMKJE (*efter 'e skermen.*)

Ropt heit?

OARDE TOANEEL.

ROMMERT en WIMKJE.

ROMMERT (*Wimkje komt wils op.*)

Ja famke, dou moast efkes nei Pieter en hiar gean, en nedigje him en de frou jouw by ûusers op in pantsje kofly, hia matte foaral net let komme.

WIMKJE.

Dat ken wol, heit, mar scoe ik Klaske der ek net by freegjemeye, oars sit ik by de alde liu as Saul by de profeten, as lik as in houn in 'e tsjerke.

ROMMERT.

Gean din gong mar, dou meist wel in lits fortierinkje habbe

WIMKJE.

It seil den mîn tiid ek wirde, it is wrichtich al by fisen.
Tinkt heit sa lang om 'e winkel.

ROMMERT.

Ja wol bern.

TREADE TOANEEL.

ROMMERT (*allenne*).

Kom nou ha 'k de hânnen rom (*hy giet by de tafel sitten, slacht sin boeken iepen en begjint to rekkenjen wils 't er by twiskenpoassen it folgende sprekt.*)

Mar is te begjinnen mei it jinge ik skildich ben. Dat is keapman Toyer mei $f\ 529,30$, den keapman Lunter, foar dy olie dy hast net barne wol $f\ 65,90$, den aan de hearen Smits en Soanen in somme fen $f\ 219,80$, den aan de brânasseransje in somme fen $f\ 53,00$ (*hy stiet op*). O jé, dy brân fen Enskeidé, dy komt aan de lever. Mar alle waer nei sín jild, didse kas is sa grif as jild, het men brân hawn den wirdt er aenstonds bitelle en gjin moesenêsten socht lik as men wol fen oare maetskippyen heart. Hwet het dat lêsten in krantegeskrieu en gewrieu wést mei dy Adelaer, ja de praktiken om efter yens jild to kommen benne tsjinwîrdich great, men mei wol goed om yen hinne sjen. Mar om, lik as ûs borgerheite dat neamt, wer ta de oarder to gean (*hy giet wer sitten*). Stil ris, ik hie (*hy telt*) $f\ 818,00$, dêr komt nou yet dat wikseltsje by dat Lieuwe for my het, dat wirdt den $f\ 827.70$ en foar litse nusjes dêr yet ris in $f\ 50,00$ by, den is 't alles mei 'n oar $f\ 877,70$.

Nim ik dêr nou ôf it jinge ik to forderen ha: dat is folgens it papierke dat ik jister der fen opmakke ha (*hy sikeet in sín papieren*). Wer is dat nou? . . . Och ik sit op it hînsen en siikje dêr om, dêr is it al, dat is $f\ 629,25$. As ik dat lik as ik niis sei, fen mân skild ôftrek, den wirdt it in líts $f\ 200,00$, en omdat al it goed fen keapman Smits yet op 'e salder sit, scoe ik miene, stiet mân spiltje yet lang net faei (*hy stiet wer op en rent op en del.*) Mar jild, jild mat er wêse, en ho dat los to kryen. Jister ha ik my de soalen hast onder 'e skôeg wei roun en by al mân liu roun wést. De iene wie

net thûs en 'e oare scoe wol ris oankomme, in treade hie op dit egenblik neat en koe him net bigripe ho as ik sa in 'e jildpine sit, dat ik sels by de liu lâns gîng. Minhear Jan Knipper koe my wol bitelje mar woe yet lieaver in pear moanne wachtsje. Baes klopper frege mei in lûd as twa oaren as ik ek sen in bankje fen tûsend goune wérom hie, hy koe it oars net meitse. In moaye set foar immen dy net bitelje ken, en dôchs ût in heeg gat bliese wol. Mei al min geskrep en geskoer ha ik neat mear inbard den in lits f200,00. (*Hij suchtet.*) Ho mat it komme. Doarwaerder bea mei oan om jild onder it hûs to sjieten, mar dêr sorgje ik like folle tsjin oan as in dief tsjin 't hingjen. Né as dêr in oare smeet op to finen is, deu soks net. Ik ha it lêsten sels goedernôch onderfoun, ho mâl as men op yens noas kipet as de hypotheekhalders mei alles opstrike en de losse crediteuren, sa lik as de stêdliu dat neame, in it lege nêst siugge. Hia roppe den fen de bikendheid fen de iepenbiere registers, mar hwa deale siucht earst it swart boek nei, ear 'r mei immen handelt, en likwols, dêr kenne wy liu like wiis ût wirde as in aep ût 'e bîbel, (*men heart de skel gean.*) Stil dêr is immen in 'e winkel.

FIERDE TOANEEL.

WILLEM en KLAES.

WILLEM.

To deale, dou bist hier faker wést, makkerom, datste hier de bakens en klippen sa goed witste.

KLAES.

Sehn tausent sapprementen, scoe us kok ût it poepelân sidse, dat wol ik wol lieaue. Ik ben hier better bikend as usloods in it farwetter foar de Texelske gatten. Mar dêrom net, as men de stiûrpin lang in 'e hân haldt, seit us alte, den forrûstet

er dêr in, sa giet it hier mei my. Ik ben de wei en de spraek hier bikend maet, hwent siuch hier wennet de tûchaedsjester, dy my, in hast ontredden skip, dêr gjin menske sîn eagen, lit stean sîn hânnen ûr geane litte woe, wêr mei nye seilen optuid het, dy my seilré makke foar it salte sop, de man dêr ik dy sa faken fen forhelle ha, as wy de wacht heine by it roer.

WILLEM

O, dy mei sîn moaye dochter, dy yet moayer wie as de tryedekker, dy wy foarlern habbe.

KLAES.

Hou maet, slaen net bûten, hwet oerienkomste is dêr twisken fammen en skippen to finen. Tink mar ris as min frieun Klaes sîn hert iepen lei, scoe er den gjin smûk op beide ha. Ja man, gjin heger winsk by my om as kaptein mei in seaft wiif, in nye tryedekker to bifarren; wieren dy in min bisit, siuch dêr ken ik my net sêd oer tinke.

KLAES.

Do renste moai de haven in, ja dat ik dêr mîn winsken ek net ris oer geane litten ha, dat is wier; mar

WILLEM.

Hwet is dêr wer mei din mar?

KLAES (*laitsende*).

Ho scille wy stiûrliu aan beide komme?

WILLEM.

Dou falst my ôf, heste gjin mear moed op 'e takomst. Siuch ik lieau foar fêst dat wy ienris grif kaptein wirde scille, is it den net oer in tryedekker, nou den ûr in kof as in snikke. En dat wy it houlikboatsje ienkear stiûre scille, nou dat stiet by my fêster as in mûtse mei saun kielbannen. As wy in de herberge wieren den scoe ik aenstonds in wipperke easke in drinke it ût op it woldyen fen it oansteande houlik fen mîn frienn Klaes.

KLAES.

To deale dat is moai sein makkerom. Siueh, ik leau ik scil de jenever hier yet sine kenne en den mat de died net by it wird binefter blieue (*hy siket in 'e kas en fint in flesse fol, dy er mei twa romers op 'e tafel delset en intaept.*) Hawar Willem in hartsterkinkje man.

WILLEM (*wils 't er sin romer tsjin Klaes sines oanstompt.*)

Nou Klaes, lk as sein is.

KLAES (*nei dat er útdronken het.*)

Hé, dat is goede Skiedam. Mar Willem wy habbe it oer de lieafde, dér ha we in flesse, scoene wy nou de sang forjittemeye maet ? Dus in sankje man.

WILLEM.

Ik ken net sionge, as dér mat de miete, och ik forsin my, de maet by slein wirde, en hwa scil de tapasselike bewegin-gen meitse.

KLAES.

Wacht ris (*hy brimt en ropt mei in útstritsene troanic wils't er fen omreitsen mei de hânnen omslagt.*)

St. St Stilte soar in man as seis, alle man op it dek, al rigt ? ja, — ien — twa — trye.

(*Willem falt in en hia sionge mei 'n oar.*)

Waarom toch zou een zeeman sparen,

Voor hem heeft geld geen waarde, neen,

Ligt klieft hij morgen weer de baren,

En snelt naar and're streken heen.

De koelte blaast, leg uit de reven,

De lucht is helder, stil de zee.

Zie 't schip vlug door de golven zweven.

God voert ons naar behouden ré.

Als door de hemelhooge golven
 En storm het schip schier wordt vermand
 Bijna in 't schuimend nat bedolven,
 Toch zingt de scheepsmaat nog in 't want.

Ondanks d' orkaan, ondanks de baren,
 Ondanks de wind, ondanks de nacht
 Zal God den brave toch bewaren,
 Hy schenkt den zeeman moed en kracht.

KLAES.

Trye, fiouer, (*hy haldt op mei de biweginingen mei de hânnen en siucht Willem oan*). To deale dat slût as in bos,
 en in mûsikmaster dy sîn libben lang mei de maeststok ïn 'e
 hân stien het, kin it my net forbetterje.

WILLEM.

Hearesei wêr hellesté dat wei, men scoe 't net sidse sa 'n sérob.

KLAES.

Och, witste dat ha 'k fakernôch sioen, en ek wol ris dat
 it dien waerd mei in danigen poehaey. Mar mîn beppe sei:
 „men mat yens bern noait forsûpe, men wit net wêr hia yet
 goed foar binne.

WILLEM.

Ik leau Klaes dou biste oeral goed foar en for in gat net
 to fangen. Mar kom, yet ien klokje net, (*hy jiet in en drinkt uit*). Nou geane wy ris hwet sitten, den scil ik dy hwet for-
 helje dêrste yet mâller fen opheare sitste, as ûs alde, do de
 loads him sei dat it skip op strân siet.

KLAES (*dy wîlst lik as Willem op
 in stoel del fallen is*).

Hwet skip is er nou ïn 't sicht, is it oan loef as oan ly?

WILLEM.

It leit flak foar din bôeg. Hear my mar bidaerd oan. Dîn
 tûchaedjemaster, dêrste 't niis oer hieste, ken sîn eigen skip

net ût 'e brânnings halde, hy giet er grif oan, hy sit mei sîn spiltsje op leger wâl. Do ik niis in 'e herberge wie waerd dêr oer Rommert Skrep spritsen, en men sei dat er troch in Amsterdams keapman allerdanichst in it farwetter sitten waerd, sadat as it ty net forroun hy mei man en moes forgean moast.

KLAES (*forskrikt.*)

Dat scille jy wol liege.

WILLEM.

Wat liege, né Klaes, ik ha 't wol forstien, it wie lik as hia seinen om in groue fiif honderd goune to dwaen, dy er didse wike bitelje moast.

KLAES.

En koe er dat net foar 'n oar skipperje. To deale den is it wol lik as wy niis dat stikje ût de komeedsje songen, den benne wy op tiid didse haven infallen. Dat my hier soks to wachtsjen stie, dat hie ik dôch noait tinke kennen. Mar hawar Willem, wolle wy sîn ankers net ûtbringe ?

WILLEM.

Ja, Klaes, dat scille wy ! Hwent ik seil dy helpe. Us oer-garre jild seil dêr op ût matte. It sparjen komt âs séliu den dôch fen pas.

KLAES.

Dat is den oars as ïn it stikje ût de komeedsje fen Amsterdam, dat wy der niis ophellen, stiet. Mar op hwet wîse it den oan to liden? . . . Mar hear ik dêr net immen oankommen.

WILLEM.

Den fen board man, fen board, wy matte it ris oerlidse.

KLAES.

Hawar den ïn didse kas.

(*Hea geane of sa 't hiet in 'e kas*)

FIFTE TOANEEL.

WIMKJE *allende (hia set de koffy-tafel ré.)*

To deale ik mat poat oan spîlje, de tiid is my sikerwier ontsketten, mar sa giet it, in pratersûrke is gau om.

Heit het dêr neat fen fornomd, hy hie wol drokte in 'e winkel.

It is nuver sa neerslachtig in ôfwesen as er is, dêr mat him hwet op it hert lidse, dat ken ik klear sjen. It falt my swier om it gordin dat ûr sîn geheimen hinget, net ris op to tillen. Scoe hy him oan praterij kenne litte, ik miende dat er oer it rabjen hinne wie, as scoe? . . . Mar né, dat woe my net oan. Heit sîn saken kenne net ût it roer wêze, dêr ta past er fiers to goed op in dat scoe er foar sîn ienigste dochter noait swye. Né . . .

SEXTE TOANEEL.

ROMMERT en WIMKJE.

ROMMERT.

Né, famke, dat swyde ik net. Mar lik as in onwaersbui ïn 'e simmer de loft swart meitse ken, sa dat it ûs bang wirdt, sa kin ïn it libben fen in keapman ek krinkels ïn 'e keabel fen sîn lok komme.

WIMKJE.

O, hwet bin ik bliid dat heit sîn kaarten foar my iepen leit. Min wille wie wei as ik seag hoe heit troch de slagen fen it needlot de holle sinkje liet. Siuch wol ik net mei heit swiet in sûr parte. Leau my, gjin greater straffe foar it lieahabbend herte is dêr, dat men siucht dat er gjin fortrouen ïn yen steld wirdt.

ROMMERT.

Né, famke, ik miende mar dat mìn holle sterkernôch wie om it leed allenne to dragen.

WIMKJE.

Mient heit den dat de klimmer net quînt, as de beam dèr 't er him om slingert, weisteart. Kom heit sis it my? . . .

ROMMERT.

In korte wirden, Wimkje. Mín krediet stiet op it spil. Mei in wike ha 'k in wikseltsje fen in goede f 500,00 to foldwaen, in lik aste wol wiste, dèr ha 'k om sa to sidsen gjin reade cent foar in 'e hûs. Ik ha it mear as to goede mar dat helpt my foar dit pas nen bít.

(*Men heart de skel gean*)

WIMKJE.

Stil heit, dèr komme Pieter en hiar oan.

ROMMERT.

It is krekt dêrom dat ik hiar joun nedige ha.

SAUNDE TOANEEL.

De foarigen PIETER, TRIN in KLASKE.

Wy ha de drîste skoen mar oantein en renne mar in.

ROMMERT.

Dat is bést.

WIMKJE.

Gean sitten.

PIETER.

Kom de mânliu by in oar en de swakkere helte ek.

TRÎN.

Fen 'e wike oan it hûshimmeljen wést, Wimkje?

KLASKE.

Ik ha Wim fen 'e heele wike hast net sioen. It seil dèr wol tîge om wei gien wêse.

PIETER.

Amers wetter gjin gebrek, tink ik, en foarstelling in it lits
tink ik fen de oerstreaming.

ROMMERT.

Ik ben 'r alteast mar ûtgean. Ik ken dat mei min saken
sa hwet skikke, mar ik ha meilyen mei dy manliu dy den in
'e hûs blieue en forkeare matte. Hia habbe in bulte oerien-
komste mei in hasse dy in lange jacht efter 'e boksen sit.
Hia wirde troch de frouliu ut it leger staet mei bienders, amers,
leeren, dweilen en sok spil efter sitten, sadat hia einlings in
it heele hûs gjin plakje fine kenne, wêr hia diûre kenne.

WIMKJE.

Nou, nou, hwet in preek, as ik en alle frouliu mei my, it
hûshimmeljen forgelikje moasten mei eat, den namen wy grif
in heel oar bild. Ik scoe sidse it het folle fen 'e winter in
'e natûr. Krekt like nedich as de keald foar it ierdrik is om
dat fen 'e kweade dampen to sôveren, like nedich is it hûs-
himmeljen foar de mensken. As, hwet tinkt dy Klaske, scoe 'n
de manliu net gau oer smoarge frouliu kleye, as wy alles mar
lieten lik as it wie?

KLASKE.

Grif scoene hia dat. Mar it giet jimme heit, en ik leau
alle manliu, lik as Gabe's hountsje, dat gûlt altiid as de tobbe
foar him klear stiet, en it beest het noait mear wille as dat
er wosken is.

PIETER.

Hald mar op Rommert, as je mei frouliu oer it hege bilang
fen it hûshimmeljen to praet komme, siuch al wieren jy in
prefester, forliese matte jy it.

ROMMERT.

It stiet hier ek net gelik, twa tsjin trye.

PIETER.

Ja, wy litte it mar. Scoene wy de piip net ris opstekke.

ROMMERT.

Ei ja! Heerink dat ik dêr net earder om togt ha. Wim helje ris hwet lange pîpen.

WIMKJE (*Hia stiet op en kriget in stik twa dy hia op 'e tafel leit.*)

Hier benne se.

(*Pieter en Rommert stekke in pîp op*)

KLASKE.

Heste dy nye sang al ûtskrieun, Wimkje, hwet is dat in moayan net?

WIMKJE.

Fen 'e wike hie ik dêr gjin tiid ta, mar it mat wêze.

TRIN

Jimme scitte leau ik fol fen siongen.

KLASKE.

Nou mem het dêr ek in bulte nocth oan hawn, en it is in goede dochter dy hiar mem liket.

PIETER.

Ik ha hwet dêr mat ik jou nei freegje, dat leit my as in stien op it hert en ear 't dat dêr net ôf is, ken ik net riucht mei jou prate. En bûten dat, ik mien dat ik as goed frieun forplicht ben om jou dêr bikend mei te meitsen.

ROMMERT.

Sprek op man.

PIETER.

It is in heele set om 'e hannen in in oar sîn saken to slaen. Mar de frouliu sitte sa iverig to breidsjen, ik seil it jou sissem.

(*Hy lukt Rommert hwet neijer nei him ta en bigjint mei him te lusterjen.*)

WIMKJE.

Dat stikje dat jimme lêsten mei 'n oar songen, dat gîng den danige moai.

TRIN

Hwet stikje wie dat Wimkje

WIMKJE.

Ja vrou, de warden ken ik net en de wise wol sa hwet, mar
Klaske het it wol.

TRÎN.

Den moasten jimme dat ris mei 'n oar sionge.

KLASKE.

Ja mar heit en hiar ha it sa drok mei 'n oar.

TRÎN.

Dat is neat, den scil ik hiar freegje om ris effen to lûsterjen.
(*Tsjin Pieter.*) Pieter, de fammen woene in lîts stikje sionge,
dat ken dôch wol?

ROMMERT.

Ei ja, lit hia mar ris ophelje.

KLASKE.

Wolle wy den net stean gean, Wimkje? Jonge nou mast
mem ek mei

TRÎN.

Dou biste wol wiser famke.

WIMKJE.

Heden né, jou moasten ek mei sionge.

KLASKE.

Ik ha it foar mem wol op in stikje papier. (*Hia jout it
aan Trin.*)

TRÎN.

It is my oars fiers to mäl, mar it is jimme sin. My net
ûtlaitse as ik fen 'e wise as ût 'e maet ben.

WIMKJE.

Den heine wy jou, en der is neat to rëdden.

De frouliu geane mei 'n oar foaroan stean en sionge.

Eendragt, o woord van diepen zin,
Zie aller handen, klein en groot,
Zij dragen trouw in allen nood, }
Ja tot den dood, ja tot den dood, } (bis.)

Eendragt, o woord van diepen zin,
 Waar elk ontvangt als ieder geeft,
 Waar al wat voor een ander leeft, } (bis.)
 Zelf leven heeft, zelf leven heeft.

Mijn volk, mijn dierbaar volk, knaag ooit,
 Een worm van binnen aan den band,
 Die thans als éénheid u omspant, } (bis.)
 Eendragt houd stand, eendragt houd stand,

Mijn volk, mijn dierbaar volk, daal ooit,
 Voor u wèer eenen donkren nacht,
 Dan geev' de leus u moed en kracht, } bis.)
 Eendragt maakt magt, eendragt maakt magt,

Hia geane wér zitten.

ROMMERT.

Bravo ! hip, hip, hurrah ! sa mei ik it heare ?
 En hoe ken it sa nuver, dy warden meitsje de taheakke op
 ús petear. Ja eendragt maakt magt. As men de hannen in
 'n oar slacht den is men troch freunskip sterke.

ROMMERT.

Mat ik dus begripe dat jy my helpe wolle ?

PIETER.

Wol wis man, dat leau 'k, lit mîn wiif mar ris sprekke
 (*tsjin Trin*) Hark Trin, it praetsje dêr wy it earjister oer
 hawn habbe, is foar sa fier wier, dat Rommert op dit heden
 in 'e pine sit. Sîn saken steane dêrom yet net forkeard, mar
 dôchs hy het didse wike in wikseltsje to wachtsjen, dêr hy
 gjin jild foar het

TRIN.

Mar as wy him den net helpe scille, whet bitsiut den frieun-
 skip, as men in dagen fen lyen net mei in forseattsjende hân

twiskenbeiden komme mei. Mar moasten jy soks oan my freegje ?

PIETER.

Né Trîn mar my tocht wy scoene Rommerts oankantingen better warre kenne as wy tagelik infoelen. Siuch it docht de frieunkip bloeyen, as de iene de oare in moeyelikheden helpe en steune mei. Heeger lok is er net as om yens frieun to biwisen dat men ounder sinneskîn en rein beide foar him it selde blieut.

ROMMERT.

Mien net dat ik dêr oan twifelde, mar men is net altiid in steat . . .

(*Men heart de skel gean.*)

Stil is dêr net immen in 'e winkel. Ei Wim, gean dêr effen hinne.

WIMKJE.

Goed heit.

ACHTSTE TOANEEL.

De foarigen en KNILLISKE.

WIMKJE (*after de skermen.*)

Nou minske kom mei in 'e keamer.

(*Wimkje en Knilleske komme mei in kiste op it toaneel.*)

KNILLISKE.

Poe, dat het in sjou wést (*fen siden.*) As dat oersparre jild is den ken it séfaren wol.

WIMKJE.

Ik ha Knilliske meinomd, ei Klaske ju, jiet hiar in pantsje koffy in. Hier menske ha jy in stoel, gean hwet sitten. Fy sa 'n til. Hier het Knilliske in kiste brocht, ken heit wol riede ten hwa as er komt.

ROMMERT.

Dat is just net maklik to rieden, wèr komt er wei.

WIMKJE.

Fen Amsterdam.

ROMMERT.

Mooglik wol de tabak dêr ik om skrieun ha. Komt er fen de keapliu fen Dalen? Wirdt er fen Knilliske ût it lûkskip as ût 'e postwein hier bisorge.

WIMKJE (*glimkjend.*)

Mis heit, jy riede it net ïn tryen.

PIETER.

Wol ik ris mei riede.

KLASKE,

Wim, tink er om, heit is leep ïn 't rieden. Hy wit net ienris wèrom as de hoanne as er kraait de eagen ta het. Witte jy dat wol Knilliske?

KNILLISKE.

Hwet mienste dat ik my dèrmey ophalde ken? Ik ha wol hwet oars to dwaen as om min tiid mei riedlingen to forjeuseljen.

KLASKE.

Jy kenne er moai oer prate, om dat jy it like min witte as heit. Wol ik it jou sidse? Dat docht er om de lju sjen to litten dat er sin leksum fen bûten ken en it net ût in boekje lêst. Mar witte jimme nou yet net hwa sin kiste dat is, den mei ik wol ris riede.

NJIUGENDE TOANEEL.

De foarigen KLAES en WILLEM.

KLAES en WILLEM (*hia komme ût 'e kas*)

Gjin rieden mear, it is ûs kiste.

ROMMERT (*Hy giet nei Klaes ta en seit eat hwet forskrikt en oandien.*)

Mìn Klaes, mìn jonge!

KLAES (*hy pakt Rommert by de hân.*)

Mìn alte Kaptein.

WIMKJE.

Hearink sok kjelmeitsen (*tjin Klaes*). Kinste nimmen oars hier Klaes as din âlde kaptein.

KLAES (*hy giet nei Wimkje ta.*)

En dou, min silveren Wimpeltsje.

WIMKJE.

Bigjinst al wêr mei maljeyen.

KLAES.

En dêr ha wy boer Pieter mei de vrou en Klaske ek.
Hearink dat is alheel in 'e kinde.

WILLEM.

En ik stean hier as in lânrot by ûs oan board.

KLAES.

It is wier ek. Nou den de pink op de naed fen de broek.
Hier (*hy wiist op Willem*) ha jimme in libben liif mìn alderbêste freun Willem Laveer, stiûrman oan board fen de Johanna Elisabeth' seil ré, foar Samarang,

WILLEM (*tjin Rommert.*)

Altijd mâl, nou ja ik ben in goed frieun sen Klaes, en hy woe nou er oan wâl kaem, my mei nei jimme ta ha.

ROMMERT.

Dêr hie er gelik oan, hwent foar in frieun sen ûs frieun stiet mìn hûs iepen.

KNILLISKE (*fen siden.*)

It liket dat er my net mear ken. Scoe mînhear to greatsk wêse om him nou mei Knilliske op to halden, dêr hy in sîn

jonkheid sa faken pinken fen nobbe, (*tsjin Klaes*), matroas, stiûrman, kaptein, as ho jôu namme wêse mei, kenne jy my net mear?

KLAES.

Scœ ik alte Knilliske rabbelskoete foargetten wêze, dy ik sa mannich kear forwinske ha, as hia mei hiar glêdde tonge ûs jongesflinken bikend makke. Mar dêrom net al ho faek jy my it stellen fen domenys rûkapels en durkjeparren ek sâr opbrekke littin ha, nou wol ik ris mei jou foeskje (*hy fûsket mei hiar*). Ho giet it? Ren jou yet altiid mei de bôllekoer en Sneins mei pinken en oaljekoeken.

KNILLISKE.

Fy, hald mar op, ik ben bliid dat ik dy wer siuch, wêr hest alheel wést

KLAES.

Lang, malle lang scœ it oanhalle as ik jimme nou alles opneame scœ hwet ik in dy tiid onderfoun ha. Lokkich fin ik hier by min thûskomste alles yet by it alte.

KNILLISKE.

Dat scœ him wol ris hwet ôffalle kenne.

WIMKJE.

Sis Klaes, moast it dadelik nou wer by it alte, wêrom krûpten jimme in 'e kas, fy sa onbiedich.

PIETER.

In foks forliest sin hier wol, mar sin streken noait.

KLASKE.

It het altiid al in bisfeint wést.

KNILLISKE.

Hy wie grif Pietsje de foarste in it kattekwea dwaen.

WILLEM.

Alla makkerom, it scil din tiid wirde om de lanningsboaten út to setten, en ûs ankers út to bringen. Meitse it nou sa dat wy er net foar wei slaene, hwent ik mat sidse, disse haven wol my wol oan.

KLAES.

Hawar den ! Mar in disse haven mei safolle skippen to lewaren, scoe dat wol goed gean. Ik scil jou letter wol ris sprekke, keapman, hwent it is in geheime saek.

ROMMERT.

Hwet, scoene jy nou in ienen al geheimen mei my to bissprekken ha.

PIETER.

Wolle wy den effen ut de keamer gean.

ROMMERT.

Né, dat net, jimme blieue hier en om 't ik malle nysgierich ben hwet geheim as Klaes ut sé meibrocht het, scil ik my mei him ef kes in it lits keamerke jaen, (*tsjin Wimkje*). Wim bergje de koffytafel wei en kry in flesse win, der ken nou ien op stean (*tsjin Klaes*). Gean jou mei Klaes ?

KLAES.

Scille wy it in ienen ha, to den mar.

(*Rommert en Klaes ôf*).

TSIENDE TOANEEL.

PIETER, TRIN, KLASKE, WIMKJE, KNILLISKE
en WILLEM.

(*Wimkje docht hwet Rommert hiar hieten het*).

KLASKE (*tsjin Willem.*)

Ha jimme mei 'n oer fean ?

WILLEM.

Ja, wy farre net allenne op it selde skip, mar ek as freunen mei 'n oar op 'e wraldsè, altiid in it selde farwetter.

TRIN.

Wêr komme jimme nou wei ?

WILLEM (*hy laket.*)

Ut dy kas lik as jy seagen.

KNILLISKE.

Ben jy ek al sa 'n gût?

WILLEM.

Och, dat wol graech oanleare. Klaes en ik wy benne ien, silt hy oer bakboard, den ik ek. Mar wy komme nou fen Amsterdam.

PIETER.

In bulte bisiuge jimme dêr wy gjin tinken oer habbe.

WILLEM.

Mar jimme habbe folle mear as wy to sjen krye.

PIETER (*/orwondere.*)

Hoe woene jy sidse.

WILLEM.

Wol sokke tsjeppe frouliu wol ik mar sidse. Dat hald ik út, ik ha in Turkye, Engelân, Ruslân, Amerika, ja in Austraelje wêst, mar nearne ha 'k oer it algemien sokke tsjeppe fammen sioen as in ús Frîslân.

KNILLISKE (*sen siden.*)

Dy snaek wit ek wêr Abraham de moster hellet.

(*Men heart ester 'e skermen*)

ROMMERT.

Wrammels min bête jonge, dêr heste gjin geheim fen to meitsen, de rabbeltongen út it dorp ha min jildpine al danich útbalte Né, it woldwaen jowt net allenne in inwendig lok, mar fakernôch onderfint men ek op yens libbenspaêd dêr de seinende folgen fen. Kom Klaes, lit ús in 'e keamer gean.

ALFTE TOANEEL.

De foarigen, ROMMERT en KLAES.

ROMMERT (*tsjin Klaes en Willem.*)

Eale frieunen, hoe scil ik jimme genôch betankje? Siuch

Pieter, disse beiden wolle my helpe Fen in fiif jierige reis oan wâl, woene hia hiar tiid by Klaes sîn alte kaptein, lik as er my neamt, trochbringe, in hearden, sa ier as hia in it dorp wieren, it praetsje al, dat min saken forkeard stiene. Troch de efterdoar inkomd om my onforwachts to oerfallen en wolkom to hieten, kaem ik hiar forballen krekt doe hia it oerleinen ho my ut 'e mealstream, lik as de séliu it neame, to helpen.

WILLEM.

En do, om jou in 'e reden to fallen, begriepen wy dat wy ut 'e wei moasten en krûpten in 'e kas.

KLAES (*hy laket.*)

Dou wiste wol Wim, as jonge mocht ik mâlle graech biside boartsje.

ROMMERT.

Slaen er mar mei mallichheid in, jimme biwîse dat er in eal hert in jimme kloppet. Bigrîp ris Pieter, hia jowe my elkmes twa honderd goune to lien, en litte it oan my hwennear ik it wêrom jaen wol. Mar jou. (*tsjin Willem*) wêr ha'k it oan to tankjen, dat ik ek fen jou holpen wird, jou kenne my krekt.

WILLEM.

Klaes en ik wy farre op it selde skip en as Klaes sîn kaptein in 'e klippen forsilt, den sit mines ek op in forkeard plak. Jou seinen jou hûs stie iepen for in frieun fen jou frieun, in hûs ha ik net, mar ik hald fen lik om lik, en dêrom dêr mat de pong foar in it plak. En scoe dy net foar de alte kaptein fen Klaes iepenstean?

KNILLISKE (*fen siden.*)

Al liket de bast hwet grou, de pit is safolle to better.

PIETER.

Wel man hwet ben ik bliid dat jou de fruchten fen jou woldwaen ploaitje meye, krekt nou de liu jou birabje, dat jy yens hadden stieken in dingen dy je net oangongan.

TRIN.

Ja, wie 't net mâl, hja forwieten jou dat jou Klaes leare
litten biene, it jild dat jou dêrmei forgriemd hiene, seine hia,
koe better rinte dwaen.

PIETER.

Moaye dingen, net dat Rommert it dêr om dien het, hwent
den wie it gjin woldwaen mear, mar nou scil dy praters de
mûle dôch stopt wirde.

KLASKE.

Lang net heit, it jowt hiar foar wiken lang wêr nye stoffe.

ROMMERT.

Ik mei it om min part lye. O! ik ben tsjinwirdich mear
as lokkich. Neam my eat dat boppe bêste bern en trou
trieunen giet.

PIETER.

Gjin praet mear oer dy frieunkip. Ik rekkenje it my ta
plicht jou to helpen.

KLAES.

En min died is net ienris frieunkip, as scoe men yens
tankberheid net oan yens woldwaener biwîse meye, as alde
skild ôfdwaen. Wy benne op gjin parten nei lik alde kaptein.

ROMMERT.

Skild? né dat net Klaes.

KLAES.

Neam it den hwet oars, mar ik scoe miene dat men yens
reddingsboat útsette mat as in skip in need is, hoe folle mear
yet as yens alde tûchaedsjemaster dêr op fart

ROMMERT.

Om in jimme tael to sprekkien, den siet min skip al danige
mâl op it strân. Tank dat jimme er my krekt op tiid ôf
brocht habbe, de mësten scoene kappe wirde, de lading oer
beard, (*hy wol yet mear sidse*) mar né, nou ken ik net langer
op jimme wîse foartgean. Lit my gewoan wei prate en dan

winskje ik jimme iendris sjen to litten dat de woldieden en frieunskip nou oan my biwesen, net forkeard to plak brocht benne.

PIETER.

Hald mar op Rommert, gjiet ûs lieaver ris in.

ROMMERT (*hy docht hwet Pieter seit.*)

Lit ûs drinke op ûs fornyde frieunskip.

WILLEM (*hy haldt in glês wîn in 'e hichte.*)

Nou Klaes, dîn alde tûchaedsjemaster, dîn ny skip en dîn gouden wimpeltsje, dêr geane hia (*hy drinkt it leech.*)

KLAES.

Fy, hald dy foar de ankers (*hy drinkt ek in glês wîn leech.*)

WIMKJE.

Dêr scitte by hiar gjin bonken in.

KLASKE.

Né hia benne dêr gjin houn oer.

PIETER.

Lit ûs allegearre mei 'n oar klinke.

KNILLISKE.

Lik as de greate liu in 'e stêd, heden ja, dat stiet sa foarnaem.

(*Hia dogge sa, gean stean, en sionge.*)

WIMKJE, TRIN, KLASKE, KNILLISKE, (*sionge.*)

Elk mensk' het sîn gebreken.

Mar seil sîn deugd ek ha.

Om 't goede woll' we him achtsje,

En dekke it oare ta.

Nen woune iepenriten !

De wrald hôeft 't net to witten !

Hwet salwe er op, helpt mear :

Kom oan nin woune, 't docht sear.

WILLEM, (*allenne.*)

By 't farren op it wide djiep
 Drigt ûs sa mannoich bline klip ;
 De barning slacht ! De boayem sinkt,
 As redding faelt, — en 't folk fordrinkt.

KLAES, (*allenne.*)

En den dy sé en stoarremwîn !
 O God ! hoe komm' w' de haven in !
 Dêr stiet de frieunskip op 'e ré,
 Mar fielt hiar ounmagt tsjin de sé.

KLAES en WILLEM.


Dan komt de reddingsboat to pas ;
 Dy stiûre we oer de salte plas ;
 Wy helpe : it fartâch wirdt wer flot, (*bis.*)
 En tank sticht ût elks hert nei God.


ROMMERT, PIETER en TRIN.

Sa lang er op 'e libbensé,
 Yet mannoich skipper fart,
 Dy hert het foar in oar sîn lok,
 En foar dat lok sîn hânnen wart ;
 Sa lang men goed mei goed forjilt,
 En graech sîn bûrmans kommer stilt ; —
 Forfalt nen skip op leger wâl , } (*bis.*)
 En is de wrald nen trienendal. }

Allegearre mei elkoar.

Wy farre op it selde skip,
Nei 'e selde haven ta !
Wy struye segen lâns ûs baen,
En tankje foar it jing' wy ha.
De brave man het altiid feest !
Wy sionge mei in blîde geest !
Sit immen 't hert op 't riuchte sté
Siong : freunskip leev' ! hoesé ! hoesé ! (*bis*)





Bij den uitgever deszes is mede verschenen:

W. DYKSTRA, De Silveren Rinkelbel (<i>Uit het Friesch vertaald</i>)	f 1.20
» » De Timmerknecht van Klaverterp	- 1.20
» » De Wever fen Westerbûrren	- 0.90
» » De Frijmitseler fen Jinsenbûrren	- 1.30
» » For Nut en Nocht	- 0.90
» » De Boeresjonger	- 0.30
» » Mink mei 't orgel	- 0.25
» » Haitskemoai op 'e Tentoonstelling fen Fryske Aldheden to Leauwerd, in 1877	- 0.15
» » & A. BOONEMMER, Fryske Winterjûne-Nocht, (Fjirde boek)	- 1 —
» » Fryske Winterjûne-Nocht, (Fifte boek)	- 1. —
» » & T. G. v. d. MEULEN, In doaze fol Alde Snypsnaren, 2e druk	- 0.90
J. v. d. VEEN, Douwe Osinga, of herinneringen aan de Historische tentoonstelling van Friesland in 1877	- 1.25
D. HANSMA, Sippe Scheltema of de Dockumer Furie troch de Waelen, yn 't jier 1572	- 0.50

TOA宁IEGSTIKKIN.

Lubbert Erechtink	f 0.50
Rabbery beskamme en woldwaen beleane	- 0.50
It Tsiede Gebod	- 0.25
Trijejieren letter of Levi Smoel de Lotteryjoad, (<i>Oarde printinge</i>)	- 0.25
De Utdraggerswinkel, (<i>Oarde printinge</i>)	- 0.30
De Alde Jas, (<i>Tredde printinge</i>)	- 0.40
In faem en in Arbeidster by Keapman Watse, (<i>Oarde printinge</i>)	- 0.30
Nanneboer en Master Slim, of Heitenoed en Frijerslist . . .	- 0.30
De boer by de Divelbander	- 0.30
Solke mei de baergefoetsjes	- 0.50
In âlde rot yn 'e falle	- 0.30
Kees Moster	- 0.30
Thomas en Tsjamke of de mislokte reis nei N.-A., (<i>Oarde printinge</i>)	- 0.30
't Wiif út to arbeidsjen	- 0.30
Lubbert of de mislokte moart	- 0.30
In neef út Amerika	- 0.30
De gearjeft fen Japik en Beitske	- 0.30
Troch 't tsjoeude ta 't goede	- 0.60
Riucht en slincht of oars om	- 0.30
Mâl út, mâl thûs	- 0.40
De Skinke ef de Skelm yn 'e knip	- 0.25
De timmerman van Roosdorp	- 0.50